

fjouwer psalmen foar grytsje
vier psalmen voor grytsje

kammeraatskes fan de skoalbanken ôf

santich kilometer is it fan balk nei den oever
en fan ijmuiden nei den oever is it like fier

foar teatske en grytsje
dy't inoar fan de skoalbanken ôf
no fiifentachtich jier kinne

wie it ôfrûne freed
fjouwer jier nei de tia fan teatske
en twa nei de corona fan ús allegearre
de heechste tiid inoar te treffen

al woenen se beide
nei twa oeren yn den oever
wol wer op hûs oan
werom nei balk en ijmuiden

it praat wie op

it wie oars as earder
doe't se by inoar útfanhûs kamen

hiele dagen koenen se
inoar alles fertelle

vriendinnetjes vanaf de schoolbanken

zeventig kilometer is het van balk naar den oever
en van ijmuiden naar den oever is het even ver

voor teatske en grytsje
die elkaar vanaf de schoolbanken
nu vijfentachtig jaar kennen

was het afgelopen vrijdag
vier jaar na de tia van teatske
en twee na de corona van ons allemaal
de hoogste tijd elkaar te zien

al wilden ze allebei
na twee uur in den oever
graag weer naar huis
terug naar balk en ijmuiden

ze waren door de gesprekstof heen

het was anders als eerder
toen ze bij elkaar logeerden

hele dagen konden zij
elkaar alles vertellen

yn 1955 trouden grytsje en teatske

grytsje hat mear as fyftich jier trou west
mei wieger de broer fan teatske

yn it hûs dat se oernamen fan syn heit en mem
dus ek de heit en mem fan teatske
ha se fjirtich jier tahâlden

fjouwer jonges en fjouwer famkes kamen derby
twintich beppesizzers en njoggen oerbeppesizzers

by inoar opteld wenne grytsje njoggentich jier
yn nijemardum dêr't se fan mem as famke
út skoalle wei earst breidzje moast
foardat se jûns nei bûten mocht
om te boartsjen

se praten ôf by de lantearnepeal
om te knikkerjen krykkraaken of te toudânsjen
teatske boarte mei

fyftich jier wenne teatske mei har man
dy't op de grutte faart siet yn ijmuiden
fyftich jier fan gie se fan de begeane grûn
nei it flatsje op trije heech

op it lêst koe se
de seis stiennen treppen
net mear opkomme

der wie gjin lift
teatske koe dêr net bliuwe

in 1955 trouwden grytsje en teatske

grytsje is meer dan vijftig jaar getrouwd geweest
met wieger de broer fan teatske

in het huis dat ze overnamen van zijn vader en moeder
dus ook de vader en moeder van teatske
hebben ze veertig jaar vertoefd

vier jongens en vier meisjes kwamen erbij
twintig kleinkinderen en negen achterkleinkinderen

bij elkaar opgeteld woonde grytsje negentig jaar
in nijemirdum waar ze van moeder als meisje
uit school vandaan eerst moest breiden
voordat ze 's avonds naar buiten mocht
om te spelen

ze spraken af bij de lantaarnpaal
om te knikkeren krikkrakken of te touwdansen
teatske speelde mee

vijftig jaar woonde teatske met haar man
die op de grote vaart zat in ijmuiden
vijftig jaar liep ze van de begane grond
naar het flatje op drie hoog

op het laatst kon ze
de zes stenen trappen
niet meer opkomen

er was geen lift
teatske kon daar niet blijven

de gehakbal troch de helte

mei 58 rekke wieger fan it wurk
hy krige wat mei de longen

de nije lisboksstâlen en it dak fan asbest
dêr't sy sûnder beskerming yn om seagen
soargen derfoar dat foardat wieger fan drees krije soe
hy earst in jier de syktewet yn koe

dêrnei libben se fan de sosjale tsjinst
it wie miskien net it moaiste skoftke
yn harren lange libben

mar se hienen it hûs lyk
yn de winter wie der boerekoal en sprútsjes
út eigen tún

kanker hie it murch yn de bonken fan wieger
noch net oantaast en syn longen
dienen harren wurk noch

de gehakbal koe wat lytser
of troch midden

se rêden it wol

mar wieger sei gauris tsjin de bern
jim moatte de learzens net sa rûch útskoppe
dan geane se stikken

en timmere in plankje

de gehakbal door de helft

op achtenvijftig jarige leeftijd raakte wieger uit het werk
hij kreeg het aan de longen

de nieuwe ligboxstallen en het dak van asbest
waar ze zonder bescherming in om zaagden
zorgden ervoor dat voordat wieger van drees zou krijgen
hij eerst een jaar de ziektewet in kon

daarna leefden ze van de sociale dienst
het was misschien niet de mooiste tijd
in hun lange leven

maar ze hadden het huis boven water
in de winter waren er boerenkool en spruitjes
uit eigen tuin

kanker had het merg in de botten van wieger
nog niet aangetast en zijn longen
deden hun werk nog

de gehakbal kon wat kleiner
of door de helft

ze redden het wel

maar wieger zei vaak tegen de kinderen
jullie moeten de laarzen niet zo hard uitschoppen
dan gaan ze stuk

en timmerde een laarenknecht

grytsje kin de hannen wer brûke

se ferfeelt har net
seker net no't se de hannen wer brûke kin
se sokkebreidzje kin
foar de jonges dy't yn de bou sitte

der is morfine
foar de fersakke rêch
se sliept lekker
krijt gauris ien oan de doar

juster kaam in beppesizzer del
om har it hier te knippen

en middeis nei it iten en it stilwêzen is der de bibel
it bibelroaster dat seit hjoed lêze we mei inoar jesaja 10:5-19
heechmoed komt foar de fal

door de kracht van mijn hand heb ik dit gedaan
en door mijn wijsheid want ik ben verstandig
ik heb de grenzen tussen de volken weggenomen
hun voorraden uitgeplunderd
en als een machtige de hooggezetenen neergehaald
mijn hand vond als was het een vogelnest
het vermogen van de volken

yn de lift seit se dat se bytiden wolris wat
de nocht ôf hat fan it âlde testamint
al dy keningen en soannen
dy't kening wurde

wat wurdt se dêr no wizer fan

dan leaver de spreuken
of sa no en dan in psalm

grytsje kan haar handen weer gebruiken

ze verveelt zich niet
zeker niet nu ze haar handen weer kan gebruiken
ze kan sokken breiden
voor de jongens in de bouw

er is morfine
voor de verzakte rug
ze slaapt lekker
krijgt regelmatig bezoek

gisteren kwam een kleinkind
om haar haar te knippen

en `s middags na het eten en het bidden is er de bijbel
het bijbelrooster waarin staat vandaag lezen we met elkaar jesaja 10:5-19
hoogmoed komt voor de val

door de kracht van mijn hand heb ik dit gedaan
en door mijn wijsheid want ik ben verstandig
ik heb de grenzen tussen de volken weggenomen
hun voorraden uitgeplunderd
en als een machtige de hooggezetenen neergehaald
mijn hand vond als was het een vogelnest
het vermogen van de volken

in de lift zegt ze dat ze soms wel eens wat
genoeg heeft van het oude testament
al die koningen en zonen
die koning worden

wat wordt ze daar nu wijzer van

dan liever de spreuken
of zo nu en dan een psalm

yn de hoeke fan de keamer
is de donkerbrune trijehoekige kast dy't wieger makke
tsjûge fan al dat breidzjen bidden de besite
en it beljen mei teatske

lykas it kammenet fan syn beppe
en dy fan teatske

it kammenet dêr't de boppekant hielendal fan útinoar lei
sjochst der neat mear fan

sa kreas hat wieger it opknapt

in de hoek van de kamer
is de donkerbruine driehoekige kast die wieger maakte
getuige van al dat breiden bidden het bezoek
en het bellen met teatske

net als het kabinet van zijn oma
en die van teatske

het kabinet waar de bovenkant helemaal van uit elkaar lag
je ziet er niets meer van

zo mooi heeft wieger het opgeknapt

(Door/troch Tsead Bruinja voor/foar Grytsje Pietersma)